

Frede

Wy wennen ienris yn de hôf,
de wûndere hôf fan Eden,
dat hearlik stee no sa fierôf,
in paradys fan frede.

Refrein:

De minsken binn' op reis
nei de ferlerne frede,
wiis har de rjochte wei
o Boarne fan genede.

It bêste wie ús net genôch
wat moai wie waard ferline.
Wy moasten gean in bange tôch,
gjin frede mear te finen.

Refrein

Sûnt dwale wy ûnwennich om
fan kwea en ûnrjocht jage
en langje nei de hôf werom,
de tûn fan wolbehagen.

Refrein

Binn' leauwe en moed faak net sa grut,
de hope mei ús liede
nei 't ivich thús beskreaun yn 't Wurd;
in hemelhôf op ierde.

Refrein

De Fredefoarst wês tank en ear,
Syn offer, ús ten goede,
brocht yn it lot foargoed in kear
wy binne woltemoede.

Refrein

Folkert Verbeek Sleat